

Der binne al in skoft lûden te hearren yn literêr Fryslân dat Frysk proaza oan 'e krapperein komt mei al dy poadia, kollektiven en projeksjes foar poëzije. Proaza lient him likegoed om foardroegen te wurden, proaza is net allinnich foar ûnder de skimerlampe.

Frysk literêr tydskrift *Ensafh* hat dy útgjalpen heard en organisearret dêrom de Lange koartproazajûn op 27 novimber 2020 yn De Bogt fen Guné te Frjentsjer.

De redaksje fan *Ensafh* ropt elkenien op om in koart ferhaal fan net mear as 250 wurden yn it te stjoeren.

Skriuwers fan de bêste ferhalen meie dy de jûns foarlêze en de alderbêsten wurde yn it papieren nûmer fan *Ensafh* publisearre.

De sjuery bestiet út Gerbrich de Jong (frisist, nearlandikus en dosinte oan 'e learare-oplieding NHL), Anne Feddema (skriuwer, byldzjend keunstner en redaksjelid) en Nyk de Vries (skriuwer, muzikant en Dichter fan Fryslân).

It koarte ferhaal fan op syn heechst 250 wurden kin ynstjoerd wurde nei ensafhproaza@gmail.com oant 1 juny 2020. Alle (streek)talen dy't yn Fryslân brûkt wurde, binne dêrfoar tastien. It ferhaal moat opstjoerd wurde yn in word-bestân, mei fermelding fan namme, adres en tillefoannûmer.

De sjuery beoardielet de ynstjoerings anonym. Jo krije útslach nei 1 augustus, oer de útslach kin net korrespondearre wurde.

Tresoar organisearret in kursus Koartproaza as jo op wei holpen wurde wolle foar it skriuwen fan in koart ferhaal. Yn trije jûnen wurde jo ûnder betûfte lieding fan skriuwer Koos Tiemersma ûnderwiisd en begelaat. Sjoch foar mear ynformaasje op tresoar.nl. of sirkwy.nl.

www.ensafh.nl

www.dichterfanfryslan.nl

www.tresoar.nl